

Observearjen fan

skriftlike resinsje

Domein: skriuwen

Tekstfoarm: lange teksten (resinsje)

Funksje/doel: beskôgje

Nivo RrF: B2

Observaasje-ynstrumint foar de *Resinsje*

Namme: Datum:

SJENRE-SKAAIMERKEN

- (1) ●-----●-----●
Der wurdt gjin (koarte) gearfetting jûn fan boek of film, mar allinnich in inkeld barren neamd
Der wurdt in gearfetting jûn fan film/boek dêr't haadsaken (*lokaasje/ personaazjes/sintrale barrens*) lykwols yn ûntbrekke
Der wurdt in ynformatieve gearfetting fan de film/boek jûn mei dêryn alle haadsaken
- (2) ●-----●-----●
Der wurdt gjin miening oer it boek/ de film jûn
Der wurdt wol in miening oer it boek/ de film jûn; dy wurdt lykwols net ûnderboud mei argumenten
Der wurdt in miening jûn oer it boek/ de film dy't mei foarbylden ûnderboud wurdt
- (3) ●-----●-----●
Der wurdt gjin oanbefelling(of: oanrekommadaasje) dien om de film wol/net te sjen of it boek wol/net te lêzen
Der wurdt allinnich ymplisyt in oanrekommadaasje dien om de film wol/net te sjen of it boek wol/net te lêzen
Der wurdt eksplisyt in oanrekommadaasje formulearre om de film wol/net sjen of it boek wol/net te lêzen
- (4) ●-----●-----●
De 'technyske gegevens' oer boek of film ûntbrekke. (titel /regisseur of auteur)
Der wurdt ien 'technysk' gegeven oer boek of film neamd
Alle relevante 'technyske gegevens' oer boek of film wurde neamd (titel / regisseur of auteur)
- (5) ●-----●-----●
Der ûntbrekt in titel fan de resinsje
De resinsje hat wol in titel, mar dy nûget net út om it boek te lêzen of de film te sjen
De resinsje hat in titel dy't útnûget om it boek te lêzen of de film te sjen

Algemeine TAALGEBRUKSSKAAIMERKEN

- (1) ● ————— ● ————— ●
Taalgebrûk past net by doel fan de resinsje en by de doelgroep Taalgebrûk past min of mear by doel fan de resinsje en by de doelgroep Taalgebrûk past by doel fan de resinsje en by de doelgroep
- (2) ● ————— ● ————— ●
Der binne gjin alinea's Der is in oanset ta in alinea-yndieling De resinsje is dúdlik yndield yn alinea's
- (3) ● ————— ● ————— ●
Ferbingen tusken sinnen en alinea's binne net oantsjut troch sinjaalwurden of ferwiiswurden Ferbingen tusken sinnen en alinea's binne soms korrekt oantsjut troch sinjaalwurden en ferwiiswurden Ferbingen tusken sinnen en alinea's binne korrekt oantsjut troch sinjaalwurden en ferwiiswurden
- (4) ● ————— ● ————— ●
In protte sinnen binne grammatikaal net korrekt Guon sinnen binne grammatikaal net korrekt De sinnen binne oer it algemien grammatikaal korrekt
- (5) ● ————— ● ————— ●
Der binne in protte staveringsflaters Der binne soms staveringsflaters De stavering is meastal korrekt
- (6) ● ————— ● ————— ●
Der is gjin ynterpunksje Der is ynterpunksje, mar dy is net altyd korrekt tapast Ynterpunksje is meastal korrekt tapast